


2^e jaargang, december 1996

Nº4

F RYSLÂN

kwartaalblad van het Fries Genootschap

NIEUWSBLAD VOOR GESCHIEDENIS EN CULTUUR



FRYSLÂN

Nieuwsblad voor
geschiedenis en
cultuur

2e jaargang nr. 4, december 1996

Fryslân is een uitgave van het Fries Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde. Het verschijnt vier keer per jaar en wordt toegezonden aan de leden van het Fries Genootschap

Redactie:

dr Johan Frieswijk,
dr Yme Kuiper,
drs Hotso Spanninga,
drs Joop Woudstra
Eindredactie: drs Meindert Schroor

Vaste medewerkers:

dr Wiebe Bergsma, Hans de Haan,
drs Goffe Jensma, Douwe K. Kootstra,
drs Evert Kramer, drs Johanneke Krolis,
drs René Kunst, dr Gilles de Langen,
dr Hans Mol, drs Rita Mulder-Radetzky,
Lourens Oldersma, dr Jacob van Sluis,
drs Tineke Steenmeijer-Wielenga,
dr Oebele Vries

Redactiesecretariaat:

Kopij, recensie-exemplaren enz. zenden aan: *Fryslân*, Postbus 6091,
8902 HB Leeuwarden/Ljouwert.
telefoon/fax: 058-2665309

Ledenadministratie:

Fries Genootschap
Turfmarkt 11
8911 KS Leeuwarden
058-2123001

(Alleen telefonisch bereikbaar op dinsdagmorgen tussen 10.00 en 12.00, mevr. H.B. Dekkinga)

Ontwerp omslag:

Mlinar Design BNO, Leeuwarden

Lay-out en druk:

Grafisch Bedrijf Hellinga, Leeuwarden

Het Fries Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde, opgericht 26 september 1827, met als Beschermvrouwe H.M. de Koningin, heeft als doel het onderzoek naar en het vergroten van de kennis omtrent al hetgeen de geschiedenis, oudheid- en taalkunde van Friesland betreft. U kunt zich verzekeren van regelmatige toezending van *Fryslân* door lid te worden van het Fries Genootschap. Gebruik daartoe de bijgevoegde antwoordkaart.

Losse nummers: f 5,-

ISSN: 1383-6560

Van de redactie

Deze laatste aflevering van *Fryslân* in 1996 staat sterk in het teken van een drietal zeer uiteenlopende Frie(zen) (innen), die hun grootste vermaardheid overigens buiten de palen van ons gewest verwierven: Margaretha Geertruida Zelle, alias Mata Hari, Joachim Hopperus en Sicco van Goslinga. Al even uiteenlopende aspecten van hen worden behandeld. Zo staat Mata Hari symbool voor de voorgaande fin de siècle, een 'temps perdu', die nog niet eens zo heel ver achter ons ligt. In het geval Hopperus gaat het om een onbekend portret, waarvan een viertal bekende gravures blijken te zijn afgeleid. Van Goslinga komt voor het eerst in zijn 'memmetaal' op 'e tekst' in zijn oorspronkelijk in het Frans geschreven en door het Fries(ch) Genootschap in 1857 gepubliceerde Mémoires. Verschillende archeologische thema's en vondsten komen aan bod in en rond Dongjum, Baard en Tytsjerksteradiel; Friese folklore daarentegen in de Gouden Zweep. Voorts in de serie Hilligen yn Fryslân een bijdrage over Maria fan Starum en een behandeling van de reacties op een eerder verschenen verzoek om meer informatie over de bekende negentiende-eeuwse gemeentekaartjes van Jacob Kuyper. Tenslotte kritische aandacht voor een belangrijke publicatie op het terrein van de Friese bedrijfs-geschiedenis, gewijd aan Koopmans Meelfabrieken en voor een klein en tamelijk onbekend kerkgenootschap dat reeds een eeuw in Friesland gevestigd is: de Nieuw-Apostolische Kerk.

Redactie en vaste medewerkers wensen aan het einde van deze tweede, doch eerste volledige, jaargang van *Fryslân* onze lezers een voorspoedig, gezond, leerzaam en verrassend 1997.



(bij de voorpagina)

's Werelds bekendste Friezin, Mata Hari op een foto uit 1905 of 1906 uit de collectie van haar belangrijkste biograaf Sam Waagenaar (foto: Fries Museum)

In dit nummer:

Van de redactie	2
Mata Hari tussen Proust en Céline	3
In skildere portret fan Joachim Hopperus	6
Sicco van Goslinga's Oantinkens oan de Spaanske Suksejjeoarloch yn it Frysk	8
De gouden zweep	12
Wy Friezen knibbelje allinne foar God	15
Archeologische Monumentenzorg: Dongjum	17
Hilligen yn Fryslân: Maria fan Starum	19
Op het spoor van een Friese potestaat	22
Boppeslach voor Fries Museum	24
Nochris Jacob Kuyper's gemeente-atlas fan Fryslân	25
Het wel en wee van een Leeuwarder bedrijf	26
Werkgroep Archeologische Streekmuseum Tytsjerksteradiel	28
Nieuws van Fries Genootschap	29
Agenda	30



Gabrielle Colette, concurrente en rivale van Mata Hari, in *Rêve d'Égypte* (Egyptische Droom) uit 1907

Mata Hari tussen Proust en Céline

's Werelds bekendste Friezin als symbool van een tijd

Yme Kuiper

Op de avond van de 13de maart 1905 kreeg de in 1876 te Leeuwarden geboren Margaretha Geertruida Zelle in de tot een quasi-Indische tempel omgetoverde bibliotheek van het Museum voor Oosterse Kunst van de industrieel Guimet op de Place d'Iéna te Parijs een nieuwe identiteit: Mata Hari. Met weinig ervaring maar veel lef presenteerde zij zich hier voor een zeer select gezelschap als een schaars geklede bajadère, die op de klanken van een exotisch orkestje één voor één haar veelkleurige sluiers liet vallen totdat zij zich in al haar naaktheid toonde aan de god Siwa.

Het o zo beschaafde publiek reageerde enthousiast op deze religieuze, exotische danskunst, niet in het minst vanwege de erotische fascinatie die van de voorstelling uitging. Aan het einde van haar sluierdans vleide de geheel naakte priesteres Mata Hari zich neer voor een bronzen beeld van de vierarmige Siwa, waarna vier Indische dansmeisjes haar met een gouden laken bedekten.

Vervolgens stond Mata Hari zonder enig schaamtegevoel op, sloeg met een elegant gebaar het laken om zich heen, dankte zowel de god Siwa als het publiek, en verdween onder luid bravo-geroep in het duister van het museum.

Lovend

Of de naam Mata Hari (Maleis voor

'oog van de dag' dat wil zeggen de zon), waarmee zij op deze avond voor het eerst werd aangekondigd, nu door Margaretha of door Guimet was bedacht, is niet echt duidelijk. Vast staat dat haar reputatie als oosterse danseres onmiddellijk was gevestigd. De kritieken van de 'society watchers' waren opvallend lovend. "Mata Hari acteert niet alleen met haar voeten, armen, ogen, mond en felrode nagels. Mata Hari, die door geen kleren wordt belemmerd, speelt met haar hele lichaam. En als de goden onbewogen blijven na haar offer van schoonheid en jeugd, dan schenkt zij hun haar liefde, haar kuisheid", jubelde de verslaggever van *La Presse*. De roem van Mata Hari, die in 1902 was gescheiden van de veel oudere KNIL-officier Jonn

MacLeod, bereikte ook snel haar vaderland. In de NRC typeerde een naar de lichtstad gezonden journalist haar als "een lang en slank, chic jong meisje, mooi, donker, interessant, levendig." In haar eerste brief aan haar ex-man schreef Margaretha overigens al: "Ik ben slank, maar naar verhouding van mijn lengte goed geproportioneerd." Maar minder goed geproportioneerd waren haar borsten, want die verborg ze bij haar optredens altijd onder twee fraai versierde borstplaten. Zoals de fraaie foto (uit 1905-06) op het omslag laat zien hoorden daar ook nog braceletten om armen en polsen en hoofdsieraden bij. Trouwens, de naaktheid van Mata Hari was betrekkelijk, want meestal droeg ze bij haar dansen een tricot dat haar hele lichaam bedekte. Ook bij het debuut in het museum had ze zo'n 'maillot scandaleux' gedragen.



Rivale

Maar niet iedereen was onder de indruk van Mata Hari's danskunst. De mime-artieste en schrijfster Gabrielle Colette, onmiskenbaar een rivale, vond Mata Hari's vertolking van de hindoestaanse danscultuur "niet beter dan de ordinaire, zogenaamd Indiase voorstellingen die in smerige achteraftheaters te zien zijn". De eerste ontmoeting tussen beide dames vond plaats op een tuinfeest in het mondaine Neuilly, vlak bij Parijs, waar Mata Hari naakt op een wit paard verscheen. De mannelijke en een groot deel van de vrouwelijke toeschouwers bekeken haar op een heel andere manier dan de grenzen van het fatsoen eigenlijk toestonden, meende Colette. Twee jaar later schitterde zij zelf in de Moulin Rouge met haar dans *Rêve d'Égypte*, in een lichtig gewaad met typisch Mata Hari-achtige

trekjes zoals de met kettinkjes op hun plaats gehouden borstplaten.

Exotische fantasieën

Beide dames, en er zijn veel meer voorbeelden, vulden zogezegd een gat in de markt. In het verre oosten (India, Indië) of in een ver verleden (het oude Egypte van de farao's), of liever gezegd in het beeld dat daarvan bestond, projecteerden aristocratische en burgerlijke dames en vooral heren hun verdrongen fantasieën en angsten. Al in het werk van symbolistische en decadente dichters van het fin-de-siècle golden vrouwen uit deze andere

dan de dagelijkse werkelijkheid als fatale vrouwen. Zij zouden een voor mannen ondoorgrondelijke, mysterieuze seksualiteit bezitten, terwijl hun lusten onverzadigbaar zouden zijn. Dit beeld van de vrouw stond natuurlijk diametraal tegenover het normale vrouwenbeeld van de ingetogen en toegewijde echtgenote en moeder. Niet voor niets vinden we juist onder de beroemdste vertolksters van die andere wereld de vermaarde minnaressen, de demi-mondaines en cocottes, van vermogende baronnen, bankiers en industriëlen uit de Parijse hogere kringen. Deze oriëntalistische mode was begonnen in hun salons en werd weldra via de theaters populair onder een groter, minder exclusief publiek. Met echte kennis van vreemde culturen had deze hang naar 'oosterse' mystiek weinig te maken. Of dans en muziek nu uit India, Siam, Java of Bali stamden deed niet ter zake; als een en ander maar exotisch oogde en klonk was dat voldoende. Meer nog dan een Leeuwarder meisje met een, zoals bekend, rijk geschakeerd liefdesleven ("Ik heb altijd voor de liefde en mijn plezier geleefd"), was de danseres Mata Hari een schepping van haar in exotisme zwelgende publiek.

In de val

Terecht benadrukt Julie Wheelwright in haar uit 1992 daterende studie *The fatal lover* dat Mata Hari een krachtig cultureel symbool was van een opwindend leven in een zorgenloos tijdperk. Maar de wereldoorlog maakte een definitief einde aan het *belle époque* en verdreef de inmiddels 38-jarige Mata Hari, als danseres duidelijk op haar retour, naar het neutrale Nederland. Hier trad ze nog twee keer op, in Den Haag en Arnhem, zonder veel succes overigens. Ondanks alle attenties van haar getrouwde minnaar Edouard Willem baron van der Capellen (1863-1935), kolonel bij de Huzaren en een oude bekende sinds 1903, verveelde Mata Hari zich in haar Haagse huurhuis. Zij verlangde naar Parijs, naar het echte theaterleven en naar jongere minnaars. In december 1915 reisde ze naar Engeland met als eindbestemming Parijs, een omweg vanwege het oorlogsfront. Op het paspoortenbureau van het Franse consulaat-generaal ontmoette ze een jonge, 21-jarige, pas van het Belgische front overgeplaatste Franse cavalierist, een zekere Louis-Ferdinand Destouches, de later

befaamde schrijver Céline. Mata Hari nodigde hem samen met een collega uit voor een diner in het Savoy, waarna het drietal nog het bed gedeeld zou hebben. Een sterk verhaal en typisch voor de altijd op danseressen vallende Céline.

Maar misschien moeten we de ontmoeting van Mata Hari met de schrijver van *Voyage au bout de la nuit* (Reis naar het einde van de nacht) vooral symbolisch zien. Wanneer de in de zomer van 1914 op een caféterras gezeten hoofdpersoon van Célines roman zich spontaan aansluit bij een stoet oorlogsvrijwilligers die voorbijkomt, dan beseft hij plotseling, nadat de regen de juichende menigte naar huis had gejaagd: "Ze hadden stilletjes de poort achter ons, burgers, gesloten. We zaten als ratten in de val." Voor de meest bekende biografie van Mata Hari, de journalist Sam Waagenaar, was het zijn levenswerk te laten zien hoe zijn heldin als een rat in de val van de Duitse en Franse spionagediensten terecht kwam. Het tragische levenseinde van Mata Hari kwam op 15 oktober 1917, toen zij bij het Château de Vincennes werd gefusilleerd door een Frans vuurpeleton.

Overbodige flashback

Het valt op dat zelfs in de meer serieuze studies over *Mata Hari* nog altijd de grootste aandacht uitgaat naar de courtisane-spionne, met als uitzondering de nog altijd zeer lezenswaardige publicaties van de Leeuwarder journalist H.W. Keikes. "Ik houd van officieren, ik ga graag met hen naar bed. Ik vind het interessant om de verschillende nationaliteiten met elkaar te vergelijken", verdedigde ze zich tegen haar aanklagers, die haar bedgewoonten als spionage bestempelen. Met haar laatste minnaar, de Russische officier Vadime de Massloff, had ze, naar het schijnt, trouwplannen.

Het boekje *Mata Hari* van Aukje Mulder, dat onlangs verscheen ter gelegenheid van de opening van de Mata Hari-vleugel van het Fries Museum, is een keurige samenvatting van de bekende literatuur. Ook hier is weer veel aandacht voor zaken als de adelstic en het snobisme van vader Adam Zelle en zijn dochter Margaretha, de moeilijke huwelijksjaren met MacLeod in Indië, de Parijse jaren en de beschuldiging van spionage. Het boekje leest prettig, daar niet van, maar blijft wat vlak, terwijl het

einde ontsierd wordt door een totaal overbodige flashback.

Symbol

Wie de Mata Hari-tentoonstelling bezocht heeft weet inmiddels dat de meest bekende Friezin ter wereld niet meer heeft nagelaten dan twee plakboeken van haar optredens. Dat drukt de toekomstige ontwerpers van een echt permanente Mata Hari-opstelling nog eens met de neus op de feiten. Niet het Leeuwarder meisje zelf maar de beeldvorming rond haar persoon en de verdwenen, verloren tijd die zij representeert zullen de uitgangspunten van zo'n opstelling moeten zijn. Het kan haast niet anders of we moeten dan vooral weer terug naar het Parijs van rond 1905. Naar de wereld van de schatrijke bankier Henri baron de Rothschild, liefhebber van auto's en actrices, of van Frankrijks grootste chocoladefabrikant Gaston Metier, die Mata Hari in haar blootje fotografeerde. Maar het meest hield zij in die tijd van kunstenaars en aristocraten. Het milieu dat Marcel Proust juist toen nog intensief bezocht en bestudeerde om het daarna genadeloos te typeren in zijn romancyclus *A la recherche du temps perdu* (Op zoek naar de verloren tijd). Al in het voorjaar van 1905 danste Mata Hari in de zeer exclusieve salon van de gravin Greffuhle, de 'laatste koningin van Parijs', die kunstenaars als Caruso, Debussy en Picasso aan bekendheid hielp. Proust bewonderde de elegantie van de gravin, was een geregeld bezoeker van haar salon en transformeerde haar en haar familie in zijn roman tot het hoog-adellijke

geslacht Guermantes. Juist het in beeld brengen van deze saloncultuur kan voor ons weer de historische sensatie oproepen van Mata Hari's eerste optreden.



In skildere portret fan Joachim Hopperus

Oebele Vries


Joachim Hopperus (Snits 1523, Madrid 1576) heart ta de ynfloedrykste en tagelyk de geleardste mannen dy't Fryslân fuortbrocht hat. De karriêre fan dizze jurist is ymposant: heechlearaar yn de Pandekten oan de universiteit fan Leuven, doe noch de iennichste universiteit yn de Nederlannen en rieds- hear yn de Hege Rie fan Mechelen, it heechste rjochtskolleezje fan de Nederlannen.

Dêrnêst wie er lid fan de Geheime Rie te Brussel, it heechste bestjoerskolleezje fan de Nederlannen, en by einsluten (1566-1576) heechste riedsman foar Nederlânske oangelegenheden oan it hof fan Filips II yn Madrid, yn it Spaansk oantsjut as *presidente de Flandes* (letterlik: presidint fan Flaanderen, mar hjir bedoeld as 'pars pro toto' foar de santjin Nederlannen).

Geheimen yn it Frysk

Yn de jierren dat er by de Geheime Rie tsjinne, wie Hopperus de rjochterhân fan syn wat âldere lânsman en freon Viglius van Aytta (1507-1577). Dy wie sels noch wat heger op 'e amtlike ljedder klommen as hysels, want Viglius hie it brocht ta presidint fan dyselde Geheime Rie en fan de Rie fan Steate, in al like wichtich steatskolleezje.

It 'Leuvenske' portret fan Joachim Hopperus út likernôch 1566, dat as foarbyld gou foar de oare hjir ôfprinte gravueres (copyright KIK, Brussel)



je. Ferneamd is de briefwiksel tusken dizze beide Friezen, dy't foar in part al yn de achttjinde ieu útjûn is. De taal fan dy brieven is it Latyn, want beide hearen wienen op en út humanistysk foarme. Wol brûkte Hopperus in inkeld kear ek wol ris it Frânsk, de hof- en administraasjetaal fan de steatskolleezjes yn Brussel. Uterst nijsgjirrich - en dêrom al gauris nei foaren brocht - is it feit dat Hopperus yn syn korrespondinsje mei Viglius fanút Madrid inkeldris geheime meidielingen trochjoch yn syn memmetaal, it Frysk.

Boergondyske famyljetradysje

Oan syn trettjinde jier ta hat de takomstige jurist-gelearde-bestjoerder yn Fryslân wenne. Op 'e wrâld kommen wie er, lykas sein, yn Snits en hy jildt dan ek as faaks wol de ferneamdste soan fan dat plak. Dat syn widze yn de Wetterpoartestêd stien hat, wie lykwols inkeld oan tafal te tankjen: hy waard earder berne as ferwachte en wol op in stuit dat syn mem krekt by har âlden yn Snits wie. Syn eigen heiten- dy wennen yn dy tiid net dêr, mar op it plattelân, te witten yn Himmelom. Dochs moatte wy Hopperus net sjen as plattelanner, mar as telch fan it steds- patrisiaat. Syn heit, dy't nea bot op 'e foargrûn kommen is, stamme nammentlik út in foaroansteande Starumer boargemastersfamylje, wylst syn mem in dochter fan de Snits- boargemaster Feike Tsjerks Piersma wie. By myn witten is der noch net earder op wiisd dat pake Feike om syn pro-Boergondyske hâlding yn 1517 út it doe noch troch de Geldersken behearske Snits ferballe is, lykas nei te lêzen falt yn de kronyk fan Petrus fan Thabor. Pas ien jier foar Hopperus syn berte is Snits nei de Boergondyske (oftewol Habsburchske) kant oergien en doe sil Feike Tsjerks wol werom- kommen wêze. Hopperus, dy't him ta in trou en oertsjûge tsjinner fan it Habsburchske bewâld ûntjaan soe, stie dus yn in beskate famyljetradysje.

Gravueres

Fan dizze Hopperus wie oant no ta gjin skildere portret bekend. Dat is dus wol wat oars as by Viglius: ien fan dy syn skildere portretten behearsket de



IOACHIMVS HOPPERVS ORBITVS JC. EQVES AVRATVS,
DOMINVS DAKEN, CONSIL. AC PRAEFECT. STAT. BELG.
PRAEFECT. REG. SIG. ORBIT IN HISPANIA.



De gravuere fan 1622 fan de hân fan Pieter Feddes fan Harns út Winsemius 'Chronique ofte historische geschiedenisse van Vrieslant'

De gravuere fan 1658 út Schotanus 'De geschiedenissen kerkelyk ende wereldlyk van Frieslandt Oost ende West'

De gravuere fan 1743 út 'Analecta Belgica' fan Hoyneck van Papendrecht, dy't makke is troch Pieter IJver

De njoggentjinde-iesuske stielgravuere fan 'e hân fan Charles Edouard Taurel

seal 'Kultuer yn Fryslân' fan it Frysk Museum. Hopperus moat it dêr dwaan mei in lytse achttjinde-iesuske pintekening, dy't yn in fitrine leit. Neffens it *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek* (NNBW) moat Hopperus syn konterfeitsel trije kear gravearre wêze. De âldste fan dy gravueres, makke troch de yn Harns berne Pieter Feddes (Petrus Harlinganus), is te finen yn Pierius Winsemius syn mânske skiednis fan Fryslân út 1622. It giet om in yn in ovaal pleatst boarstbyld dat lofts rjochte is en mei in râneskrift yn it Latyn. Ek yn Christianus Schotanus syn wurk oer de Fryske skiednis út 1658 stiet in graveard portret fan Hopperus. De makker dêrfan is ûnbekend. De tredde gravuere, makke troch Pieter IJver is opnommen yn Hoyneck van Papendrecht syn *Analecta Belgica* (1743). Dan is der ek noch in stielgravuere út de njoggentjinde ieu dy't koartby noch wer reproducearre is yn Waterbolk syn bondel *Omtrekkende bewegingen*. De makker dêrfan is Charles Edouard Taurel. As men de fjouwer útbildingen neist inoar leit, wurdt wol dúdlik dat it giet om ferskillende útfieringen fan ien en itselde basistype. Alle jongere portretten geane dus sûnder mis werom op Pieter Feddes syn wurk, al is dat by Schotanus - yn ôfwiking dan de oaren - rjochts rjochte. De tekening fan it Frysk Museum liket nei Pieter IJver syn gravuere makke te wêzen. Fierders falt noch op dat Hopperus op dy gravueres hyltiten smeller om 'e snút en âldsker liket te wurden.

Leuvenesk portret

Fansels hat der fan in man fan kwi-zekwânsje as Hopperus in skildere portret west en faaks ek noch wol mear as

ien. No bin ik by it sykjen nei ôfbyldingen fan riedshearen fan it Hof fan Fryslân dêr ien fan tsjinkommen. By it trochnimmen fan in boek mei ôfbyldingen fan riedshearen fan de Grutte Rie fan Mechelen seach ik dêr ta myn benijing ek in skildere portret fan Hopperus yn stean, dat neffens it byskrift bewarre wurdt yn it Stedelijk Museum Vanderkelen-Mertens yn Leuven. Fan 't simmer wie ik yn Leuven en doe bin ik dat museum mar ris ynrûn. It portret sels krige ik net ûnder eagen, want dat moast earne yn de magazinen wêze en wie net samar op te djipjen. Wol waard my wat dokumintaasje mejûn. Dêrút die bliken dat it giet om in skildery op doek fan 66 x 52 cm. De skilder is anonym, mar oannommen wurdt dat it giet om in Flaamske master út de skoalle fan Pourbus. It wurdt "mear as wierskynlik" achte dat it portret skildere is ta gelegenheid fan Hopperus syn beënaming yn Madrid. It is ôfkomstich út de Leuvense famylje Van Even. Yn 1911 waard it urven troch V. Demunter, dy't it yn 1913 yn Brussel restaurearre litten hat. Yn 1938 is it tamakke oan de stêd Leuven, dy't noch altiten de eigner is. Pas neitiid waard ik gewaar dat dit it yn it NNBW net achtsleine portret wêze moat dat neamd wurdt yn it foarste diel fan Moes syn *Iconographia Batava* út 1897 (nr. 3739). De iennichste ynformaasje dy't yn dat neislachwurk opjûn wurdt, is: "Bij den Heer E. van Even te Leuven".

Foarname útdrukking

As wy no it portret, dêr't ik neitiid in foto fan krige ha, besjogge, dan kinne wy fêststelle dat dit it foarbyld west ha sil fan de gravuere fan Pieter Feddes (dat yn spegelbyld ôfprinte is). It ien-

nichste echte ferskil is dat op 'e gravuere de (Spaanske!) kraach dy't Hopperus draacht, net trochrint ûnder it burd, mar dat is, tinkt my, noch gjin bewiis dat Pieter Feddes in oar portret brûkt hat. Fierders is de klaaiing, mei as meast opfallende ûnderdiel de pels, nammntlik wol gelyk. Wol kin noch sein wurde dat Hopperus syn foarname útdrukking, sa't dy op it skilderyl werjûn is, yn de gravuere net goed ta syn rjocht komt. Dan is der noch it opskrift rjochts boppeoan, dat net itselde is as it râneskrift fan Pieter Feddes. Ik lêse: *D. Ioach. Hopperus/ I.C. Lou. Conc. Belg. in/ Hisp. Præses A° 156f.]* (neffens de dokumintaasje út Leuven stiet der 1566; de 6 soe dan ûnder de list sitte moatte). Ik soe dit oersetse wolle as: "Hear Joachim Hopperus, Leuvensk rjochtsgelearde (Iure Consultus), foarsitter fan de Nederlânske rie yn Spanje yn it jier 1566". Neiere stúdzje fan it portret lit ik graach oan de spesjalisten oer.

Nei Fryslân

My tinkt dat wy mei it bestean fan dit ekspressive skildere portret o sa wiis wêze meie. Spitich is allinnich dat it net eksposeard wurdt, mar yn in magazyn bedarre is. Men mei dêr út opmeitsje dat Hopperus foar de stêd Leuven, al hat er dêr in koart skoftsje heechlearaar west, net in oeribele grutte betsjutting hat. Dy betsjutting hat er foar ús yn Fryslân fansels al. Dêrom soe ik beslute wolle mei de winsk dat prikken yn it wurk steld wurde om dit portret fan de stêd Leuven yn langrinnend brûklien te krijen om it te eksposearjen yn de seal 'Kultuer yn Fryslân' fan it Frysk Museum. It fertsjinniget in plak njonken en faaks ek wol in lyts bytsje yn it skaad fan Viglius.

Sicco van Goslinga's Oantinkens oan de Spaanske Sukksesjeoarloch yn it Frysk

L.H. Bouma

De Frânsktalige oantinkens fan Sicco van Goslinga (Hjerbeam 1664 - Doanjum 1731) binne al yn 1857 troch it Friesch Genootschap útjûn. Dy oantinkens skreau Goslinga, doe't er as deputearre fan de Steaten-Generaal in tal fjildtochten út de Spaanske Sukksesjeoarloch meimakke. Yn syn ûnderdûkerstiid en nei syn pensjonearring hat mr. L.H. Bouma dizze *Mémoires relatives à la Guerre de Succession* oerset yn it Frysk. Nêst in koarte ynliding fan Bouma sels, jouwe wy yn de kommende nûmers fan *Fryslân* in tal priuwkes út dit wichtige, troch him oersette egodokumint.

Kwizekwânsje

Yn syn tiid wie Goslinga in man fan kwizekwânsje. Hy hat in rige fan oerheidsamten beklaaid. Sa wie er grytman fan Frjentsjerteradiel, deputearre fan Fryslân, lid fan de Steatsrie en fan 'e Steaten-Generaal. Dêrneist wie er ûnder oaren kurator fan de Frjentsjerter akademy en Frij- en Erfhear fan It Amelân. Nei de Spaanske Sukksesjeoarloch wie er in setsje bûtengewoan ambassadeur yn Frankryk. Syn libbensrin is mear as ienris beskreaun; dy sil ik hjir net opikkerje. Tidens de Spaanske Sukksesjeoarloch waard Van Goslinga as 'gedeputeerde-te-velde' nei de Súdlike Nederlannen stjûrd. Hy wenne op Goslingastate súdlik fan Doanjum. Syn marmeren prealgrêf út 1737 is te finen yn 'e tsjerke fan Doanjum.

De Sukksesjeoarloch

Oanlieding ta dy oarloch wie de opfolging fan Karel II, de lêste Habsburchske kening fan Spanje. Om't er gjin neiteam hie, hiene de grutte steaten meiïnoar in regeling oer syn opfolging troffen. Karel út de Eastenrykske staach fan de Habsburgers, twadde soan fan keizer Leopold I, soe de Spaanske troan krije, tegearre mei de Súdlike (Spaanske) Nederlannen en de Spaanske koloanjes. De Spaanske besittings yn Itaalje soene oan Philips fan Anjou, de twadde soan fan 'e Frânske kroanprins komme. Karel II, dy't yn 1700 ferstoar, hie yn syn testamint lykwols Philips oanwiisd as iennichste erfgenamt. Mei goedfinen fan Loadewyk XIV naam dy fuort de Spaanske troan yn beslach. Dêr kaam ynearsten keizer Leopold, met stipe fan Prusen en

Hannover, tsjin yn it ferhef. Doe't lykwols de Frânske troepen de Súdlike Nederlannen besetten en tagelyk Jacobus Stuart, soan fan de yn 1688 ferdreaune Jacobus II, as kening fan Grut Brittanje erkende, sleaten Ingelân en de Republyk, tegearre mei de Keizer, de saneamde Grutte Alliânsje, dêr't in grut tal Dútske foarsten har by oansleaten. Frankryk krige de stipe fan de karfoarsten fan Keulen en Beieren en fan de hartoch fan Savoye. De striid spile him op guon plakken en op see ôf, mar de Súdlike Nederlannen wiene fanôf 1705 in wichtich oarlochstoaniel. De hartoch fan Marlborough fierde de ferbûne legers fan Ingelân en de Republyk oan; prins Eugenius fan Savoye de keizerlike troepen.

'Gedeputeerde-te-velde'

Goslinga waard yn 1706 troch de Steaten-Generaal beneamd as 'gedeputeerde-te-velde'. Hy wie doe 42 jier âld. Dat amt wie bedoeld as ferbiningskeakel tusken de polityk en it militêre bedriuw. Der wiene ornaris fiif deputearren by it leger, fjouwer út de Steaten-Generaal en ien út de Steatsrie. Dy deputearren hiene as taak tafersjoch te hâlden op de politike doelen fan 'e oarloch en op de discipline yn it leger. Hja gyngen ek oer de oanstelling en it ûntslach fan de ofsieren. Foar wichtige operaasjes, lykas in opmars nei de fijan ta of in belegering, moasten se de goedkarring fan de Steaten-Generaal freegje. Ut syn tinkskriften docht bliken dat Goslinga syn taak tige konsjinsjeus waarnommen hat. Yn syn deistige omgong mei Marlborough en de oare generaals hâlde er net allinne de grutte doelen


fan 'e oarloch, de strategy, foar eagen, mar liet him ek hieltyd yn mei de taktik. Iderkear wer sjogge wy him yn it pleit gean foar aksje: in mars of in belis. Mear as ienris neamt er wiidweidich syn argumenten op, benammen as er tsjin it oardiel fan 'e generaals yngiet. Sels op it slachfjild lit er him jilde: noris makket er de generaals yndachtich op in taktyske sitewaasje, dan wer grypt er sels yn; ek oer de technyk fan 'e belegering hat er sines mei de yngenieurs te besprekken. Syn oanpart yn 'e ferneamde slach by Malplaquet (1709) neamt er yn syn eigen ferhaal net, mar út it ferslach dat generaal-majoor Grovestins yn Den Haach útbrocht hat, witte wy dat er dêr ek net stilsitten hat. Wy lêze derfan: "De gedeputeerden te velde hebben ook gestadich het krijgsvolk, door hun bijwezen, aangemoedigd; de Heer Goslinga wierdt zijn paerdt, onder hem, doodtgeschoten" (te finen yn: *Het leven van Johan Willem Friso*, út 1716).

Milord

It seit himsels dat Goslinga benammen omgong socht mei de heechste befehawwer, de hartoch fan Marlborough, dy't er gauris oantsjut as 'Milord'. Dat wie wat in behyplik spul. Oan 'e iene kant hie Goslinga grutte wurdearring foar de kundichheden fan 'e Hartoch en wie er wakkere wiis mei it betrouwen en de freonskip fan dy grutte man, oan 'e oare kant hie er in skerp each foar de lekken en brekken fan 'e fjildhear. Goslinga mei dan fan himsels ien en oar kear skriuwe dat er gjin lêst hat fan grutskens, út syn eigen beskriuwings komt dochs nei foaren dat er slim fergulde is mei de freonskip fan Milord en him meitroaie lit troch dy syn fluenskens. Dat nimt net wei dat er kritysk bleau oangeande de militêre lieding. Mei argewaasje hat er fêststelde moatten hoe't it mei de oarloch op in sloeren gyng, soks ta skea fan 'e Republyk. Want by alle nocht dy't Goslinga oan syn tiid by it leger hân hat - hy neamt it de moaiste tiid fan syn libben -, it belang fan 'e Republyk gyng him boppe alles.

De oersetting

Dizze oersetting fan 'e Mémoires is makke oan 'e hân fan 'e publisearre tekst fan Evertsz en Delprat (1857). Dy koene noch net beskikke oer it orizjinele hânskrift en ha destiids gebrûk makke fan in ôfskrift fan in ôfskrift, dat makke is troch de Frjentsjerter professor Hemsterhuis. It gehiel haw ik oanfolle mei de troch Veenendaal yn 1988 publisearre ûntbrekkende stikken fan de Mémoires út 1706 en 1709. Ut it hûsargyf Wassenaer Obdam op kastiel Twickel haw ik de earstneamde tekst fergelike mei it hânskrift. Ofwikingen fan grutter betsjutting as wat de lêstekens oangiet, haw ik suver net fûn. De oersetting folget de orizjinele tekst op 'e foet, mei útsûndering fan it earste haadstik, dat oer 1706. Yn de útjefte fan 1857 en yn it hânskrift komt in apart haadstikje foar mei oanfolingen by it ferslach fan 'e fjildtocht fan 1706 en in tal karaktersketsen fan persoanen dy't deryn foarkomme. Om in wat lêsbarder gehiel te krijen, haw ik de oanfoljende opmerkings tuskenfoege op it plak yn it haadferhaal dêr't se sûnder mis thúshearre.



Goslinga-State - hjir tekene troch Johannes Stellingwerf yn 1723 - lei súdlik fan Doanjum. De A 31 rint no oer it alde stee fan dizze state (ill: Fries Museum)

Oantinkens oangeande de Suksesjeoarloch fan 1706-1709 en 1711

'Myn bern sille my net nei jaan dat ik grutsk bin as ik sis dat it op fersyk fan guon fan 'e foarnaamste steatslju (dat wiene: de Pensjonaris, Slingelandt, Noortwijk, Renswoude en oaren) wie dat ik yn 1706 de ôffurdiging nei it leger oannommen haw. Ik hie har der lykwols al op yndachtich makke dat de provinsje Grinslân oan bar wie om ien te beneamen, en dat ik dêrom gjin stappen ûndernimme soe om dy funksje te krijen. Hja anderen my dat ik allinne mar hoegde te sizzen dat ik it oannimme soe, en hja soene har der dan fierder wol mei rêde. Ik waard yndie by de Generaliteit foardroegen; de provinsje dy't sein hie dat se net ien neame koe, hie der neat op tsjin, en Fryslân, dêr't ik sels sit foar hie, karde it goed.

Grutte haast

De reden wie dat yn de fjildtocht fan it foargeande jier, 1705, gâns spul en gekonkel west hie tusken de generaals, en sels ûnder de deputearren; yn pleats fan dat dy it gesach fan harren amt brûkt hiene om it foer fan ûnienigens yn 'e kym te smoaren,

hiene se dat oanblaasd en partij keazen, en wol foar de hear fan Slangenburg en tsjin de Hartoch (John Churchill, hartoch fan Marlborough, heechste befehlhawwer fan 'e alliearre striidkrêften) en de Fjildmaarskalk (Hendrik van Nassau, hear fan Ouwerkerk, kommandant fan de troepen fan 'e Republyk). Doe't it kwea op syn slimst wie, hie it hiele leger dertroch oantsutsen west. Dat wie in boarne fan ûngeregeldheden wurden, dy't op 'en djoer rampsillich foar de Republyk útpakke kinnen hie. Wat foarfallen wie nei it trochtsjen fan 'e lynjes, en de selsrjochtfeardigingen dy't fan wjerskanten utere binne, jouwe dêr in klear bewiis fan. Ik wol hjir noch oan taheakje dat dit deiboek yn grutte haast skreaun is. Dat is maklik te begripen as men wit dat it amt fan deputearre, mei al dy hastige deimarsen en de tûzen drokten en steurnissen, jin mar al te faak noch net in kertier deis frije tiid lit. Myn tiid wie noch krappier om't de Steatsrie my fersocht hie de funksje fan 'e hear Geldermalsen waar te nimmen; dy wie foar dy rie oanwiisd as deputearrete-fjilde, mar koe yn earsten net mei.

Moaie tiid

De Steatsrie hie my foech jûn syn wurk te dwaan salang 't hy ôfwêzich wie; dat haw ik waarnommen oant er by Oostende derby kaam. Dêr komt by dat ik nij yn it fak wie. It sil de lêzer ek gjin nij dwaan dat dizze oantinkens net altiten sa krekt en dúdlik binne as wol mooglik wêze soe. Sa no en dan sil ik my wol ris ferlieze yn te grutte bysûnderheden as it giet oer belegeringen of lytse saken ophelje dy 't my persoanlik oangeane. It earste falt te ferûntskuldigjen by ien dy't nij is yn dit fak. It twadde is tastien as men allinne skriuwt foar jinsels en foar de ferdivedaasje fan jins bern. Dy sille my dat net kweaof nimme, al binne it famkes. Ik haw se dus allinne foar mysels skreaun - noait hat in libbene siele se sojen, of sil se te sjen krije - om mysels op myn ienlike âlde dei te fernuverjen mei it oantinken oan de prachtige aksjes fan ús dappere soldaten. Ik dream der yndie noch gauris fan - en dat mei nocht - want yn myn libben haw ik noait moaier tiid hân as dy fan myn fjildtochten. Dy perioade fyn ik sa de muoite wurdich dat it my muoit dat ik mar in part bewarre haw fan wat ik yn myn fjildtochten opskreaun haw.'



Sicco van Goslinga op in gravuere fan J. Houbraken nei in portret fan Accama út 1731, it jier fan ferstjerren fan Van Goslinga

Oantinkens oan de fjildtocht fan 1706

'Sagau 't de generaals ôfreizge wiene, stie ik der by myn kollega's op oan om ús ek ôf te jaan. De earste fan ús kollega's wie der noch net earlik op klear en woe it ferreizgjen ferstelle, mar hy gyng dochs mei.

Ik mei in lyts foarfal net ferswije dat him ôfspile by ús ôfskied yn de gearkomste fan 'e Steaten-Generaal. De presidint, de hear Van Essen, woe wat sizze oer in garnizoen dat hjir of dêr lein wurde soe; hy neamde doe - hoe 't er dat sa hie, wit ik net - Brussel; syn eigen wurden wiene: "Wat garnizoen zullen wy in Brussel leggen?" Op dat stuit stie ik foar him oer, want ik hie krekt de ied ôflein. Ik sei der fuort oerhinne: "Mynheer de president, accipio omen." (d.w.s. in wolkom foarteken). En dy foarsizzing kaam binnen fyftjin dagen út.

Op mars

Nei 't wy de 9de maaie ôfskied nommen hiene, reizgjen wy (dat wol sizze: de deputearren Van Collen, Renswoude en Goslinga) de 11te út Den Haach ôf. De 13de kamen wy oan te 's-Hertogenbosch: dêr waarden wy troch de magistraat op 'e wenstige wize ûntfongen. Dêr ûndertekenen wy in befel oan de gûverneurs en garnizoenskommandanten fan 'e stêden oan 'e Maas, dat hja de kommys Aersen, dy 't yn opdracht fan 'e Staatsrie mei kanonnen en munysje ûnderweis wie nei Maastricht, foldwaande eskorte meijaan

moasten. De 17de kamen wy te Maastricht en waarden dêr mei it wenstige seremonieel ûntfongen. De 19de reizgen wy dêrwei nei it leger; dat lei by Tongeren yn kampemint. It leger briede de 20ste op en sloech him del by Borgloon. Dy deis joegen de Ingelsen har by it leger. Dat hâlde de 21ste rêst.

Doe kaam it nijs dat de fijannen út harren lynjes optein wiene; neffens it sizzen fan 'e spionnen wie harren sterkte 80 bataljons en 130 eskadrons. Dy tynge brocht de generaals ta it beslút de 22ste op mars te gean nei Montenaken en dêrwei nei Jodoigne, om de fijân oan te fallen, as dy partij jaan woe. Om dy snuorje wie ús leger 74 bataljons en 107 eskadrons sterk, net meirekkene de 21 Deenske eskadrons dy 't har de 22ste by ús oanslute soene. De 21ste ûntfongen wy de opdracht fan Har Heechmachtigen (de Steaten-Generaal) om mei milord de Hartoch oer te lizzen wannear't it detasjement dat ornearre wie foar Itaalje, him ôf jaan soe. Ienriedich mei Milord wiene wy fan betinken dat it yn de besteande sitewaasje nuodlik wêze soe as wy ús leger ferswakken mei it fuortstjoeren fan in sa oansjenlik detasjemint; dy saak soe dêrom fersteld wurde moatte oant wy in better ynsjoch hiene yn de sterkte en de foar-nimmens fan 'e fijân.

Sûnder jild

By dy gelegenheid waard ek it beslút nommen de 10.000 Lüneburgers sa gau as mooglik nei de Maas komme te litten: dêr soene se better ynsat wurde kinne as dat se yn Dútslân bleaunen. Dêr hie men der neat oan, want yn opdracht fan harren master wegeren se krêftich ûnder de markgreve Ludwig te tsjinjen. Boppedat waarden wy te riede oan Har Heechmachtigen foar te stellen dat it goed wêze soe om mei de kening fan Prusen - net-tsjinsteande it ûngeregelde gedrach fan dy foarst - te ûnderhanneljen oer it ynsetten fan troepen by de Maas. Deselde jûns skreauwen wy dêroer oan de Steaten-Generaal. Tagelyk berjochten wy har dat in tal generaals en in grutte smite ofsieren har noch net by it leger oantsjinne hiene (wy hiene likernoch 400 ofsieren te min). En wy beklagen ús der benammen oer dat wy sûnder jild sieten, in ding der 't men net sûnder kin om in leger yn stân te hâlden. Ek wie der net in presidint foar de kriichsrie, likemin as in fiskaal, in provoast, of in weinmaster. Der wie sels net in lazeret en gjin medikaminten. En dat alles op in momint dat wy foar de fijân oer stienen, alteast mei koarten stean soene. Wy stiene der by har Heechmachtigen dan ek mei klam op oan om dat alles goed yn omtinken te nimmen en der sa gau as it koe yn te foarsjen. De 22ste brieken wy op fan Borgloon, en sloegen ús kamp del mei de rjochterflank by de mûne fan Waremme en de lofter oant deun by

Montenaken. Guon spionnen befestigen dat de fijân yn opmars wie, mar oaren sprieken dat tsjin.

De slach by Ramillies

De oare deis, de 23ste, gyng it leger om fjouwer oere de moarns yn acht kolonnes op mars. By Mordorp passaearre it de âlde lynjes, dy 't sljochte wiene. Om acht oere krigen wy wisse tynge dat de fijân út Tienen opbrutsen wie en lyk op ús ta setten kaam om slach te leverjen. Wylst wy op 'e ynfanterij wachten, brûkten wy it moarnsmiel. Troch in fersom wie de ynfanterij benefier bleaun. (Dat fersom bestie dêryn dat ien fan 'e fjouwer kolonnes him net opsplishte hie om mei acht kolonnes op te mar-searjen). Dat kaam oars net sa min út, want sadwaande krige de Deenske kavalery tiid om him by ús oan te sluten, krekt doe wy ree stiene foar de slach. Dat wie in dúdlik teken fan 'e beskerming fan 'e Himel; dy kaam ek dêryn ta utering dat ûnder it gefjocht de wyn omrûn: yn stee fan dat wy dy tsjin hiene, waard er doe geunstich foar ús.

Puollen en beamwâlen

Nei 't in oere hohâlden wie, gongen wy op 'e nij op mars. It wie likernoch alve oere doe 't de fijân him sjen liet yn 'e flakte tusken Ramillies, Tavers en Boneffe. Fuortendaliks waard befel jûn ús kavalery op te stellen neigeraden dat dy yn slachtoarder nei foaren gyng, mei de rjochterflank him útspriedend oer in moaie flakte mei in pear lytse puollen foar him oer, dêr 't fan oannommen waard dat dy wol te bewâdzjen wiene, en mei beamwâlen, dy't de fijân hielendal mei ynfanterij beset hie. Us lofterflank sprate him út oan 'e Mehaigne ta.

Underwilens gyng de Hartoch op ferkenning út. By him wiene doe allinne: de Maarskalk (Ouwerkerk), Dopf, Cadogan, kolonel Chanclos (in Waalsk ealman), kapitein fan 'e kavalery Tryse (ek in Waal) en ik. Wy besaegen de tastân fan it terrein en de opstelling fan 'e fijân. De posysje dy't wy ynnimme moasten, wie in moaie flakte, mar krap genôch om ús hiele ynfanterij yn twa lynjes opstelle te kinnen. Chanclos en Tryse, dy beide ûnder de Spanjerts tsjinne hiene, koene it terrein en seine plan-út tsjin de Hartoch dat de lofterflank fan 'e fijân net mei kâns fan slagjen oanfallen wurde koe. It wie dêr allegearre beamwâlen, sleatten en sompen; dy makken it ûnmooglik him oan te taasten. Oarsom koe er fan syn kant likemin in slachtoarder opstelle om ús rjochterflank oan te fallen. Dêrom soe omtrint de hiele kavalery op ús lofterflank ynset wurde moatte, by need yn trije of fjouwer lynjes. Yn de hiele flakte wie gjin holle wei of ravyn. De Hartoch hearde dat rêstich oan, mar liet him der likegoed

neat oan gelegen lizze. Hy liet de slachoarder lykas er dy opset hie, mei de kavalery lykop ferparte oer de beide flanken.

Foar de posysjes fan 'e fijân lei in grut boerespul mei in grut tal tige tichte beamwâlden derom hinne. Op syn rjochterflank hie er moai flak lân, tige gaadlik om syn kavalery te ûntjaan. Op 'e lofterflank hie er lytse puolten mei beamwâlden; dêrefter lei it doarp Ramillies, mei neffens sizzen (want ik haw it sels net sjoen om 't ik hieltyd oan it front op 'e lofterflank wie), beamwâlden. De fijân hie dat beset mei ynfantry en kanonnen yn in boerespul by de yngong fan it doarp, yn it doarp sels en yn alle beamwâlden. De rest fan syn ynfantry hie er yn 'e flakte yn slachoarder opsteld om dy posten te styppen.

Flaters

Ik moat der noch by sizze dat op 'e rjochterflank fan 'e fijân, oan 'e igge fan 'e Mehaigne, in stik kaphoutbosk lei; dêr hie de fijân seis bataljons yn lein. Yn dy opstelling wachte er oant er oanfallen wurde soe. Dat wie in slimme flater fan syn generaals, want it stiet fêst dat as er nei foaren kommen wie en ús oanfallen hie wylst ús kavalery en ús hiele ynfantry noch in ein efterút wiene, hy ús slim oer it mêd kommen wie. Dopf, Cadogan en guon oaren seagen dy maneuver fan 'e fijân nei rjochts, nei it kaphoutbosk, oan foar in weromtocht. Hja joegen sels opdracht om in detasjemint fan 40 eskadrons te foarmjen om de fijân yn dy ûnderstelde weromtocht oan te fallen, mar al gau waarden se út de dream holpen. It is nuver dat generaals mei ûnderfining har op sa'n maneuver fersjen kinne. dy't my - dat mei ik nei wierheid sizze - sa dúdlik foarkaam, al wie ik dan ek in nijeling.

Alles dat de fijân die wylst er ôfwachte dat wy ús yn slachoarder opstellen, wie ús minsken mei kanonnen besjtte, mar ús geskut, dat al gau ree wie om fjoer te jaan, joech him mar bêst partij. It wie likernôch trije oere doe 't ús leger hielendal yn slachoarder stie. De kavalery wie lykop ferparte oer de beide flanken, netstjinstearde dat de sitewaasje op 'e rjochterflank it net mooglik makke der lâns op 'e fijân los te gean. Dêrfoaroe hiene wy op 'e lofterflank in prachtige flakte om op him oan te tsjen, gaadlik om de kavalery de romte te jaan. De fijân makke deselde flater, en dy makke er ûnder de slach net wer goed. De Hartoch die dat al: ûnder it fjochtsjen wei liet er 21 eskadrons fan rjochts nei lofts gean. Fanwegen de krappe romte waard ús ynfantry yn trije lynjes opsteld, mar dy skode neigeraden dat er op 'e fijân tagyng, op nei lofts en wûn dêre terrein.

Dapperens

De slach begûn tsjin heakwei fjouweren mei

fjouwer bataljons, nammentlik dy fan it rezjiment fan ús gûverneur (bedoeld wurdt de stêdhâlder Johan Willem Friso), en fan 'e rezjiminten fan Salisch en Slangenburg; Wertmuller wie kommandant fan dy 4 bataljons. Sels haw ik de oanfal ferhastige, want ik seach dat de fijân in tal stikken geskut, dragonders en ynfantry optsjen liet nei it kaphoutbosk op syn rjochterflank, om de minsken dêr te fersterkjen, en om mei kanonnen de kavalery yn 'e flank te besjitten. Ik liet dat troch de hear Schaap (eartiids paazje en ealman fan 'e Prins) oan fjildmaarskalk Ouwerkerk oerbringe mei it fersyk sa gau mooglik befel ta de oanfal te jaan.

Dêrop sette de oanfal yn. Us minsken foelen mei de grutst mooglike dapperens de fijân oan, frontaal en op 'e flanken. Hja skeaten pas as se deunby wiene; en dêrnei wâden se, mei de bajonet op it gewear, oan 'e mul ta troch it wetter. Se ferjagen net allinne dejingen dy't yn dat stik bosk opsteld wiene, mar ek de oaren dy't harren te help kommen wiene.

Fuort dernei begûn ús kavalery op 'e lofterflank oan te fallen. Dy flank lei bleat foar it kanonfjoer by it boerespul wei, dat op syn lofterflank rjochte wie. De kavalery wachte net op 'e Denen, dy't oankommen wiene en har op dat stuit hielendal lofts by de Mehaigne lâns opstelden. Neffens ús ofsieren wie dy kavalery-oanfal ien fan 'e fûlsten dy't der west hawwe. Wy hiene 35 eskadrons yn 'e earste en 25 of 26 yn 'e twadde lynje. Fan 'e earste waarden fiif of seis omsmiten troch fijannen dy't oerdwers tusken de beide lynjes troch kamen en ús minsken yn 'e rêch oanfalle woene. Mar doe't ús minsken dat fernamen, lieten se in tal eskadrons in heale draai meitsje en har sa goed oanfalle dat it grutste part derfan ynmakke waard. Troch in grut gelok ûntkaam de Hartoch, dy't him krekt yn harren paad befûn, oan harren hannen; hy sprong oer in lytse holle wei, dêr't er by fan it hynder foel.

Fijan fertrekt

Underwilens hie de rest fan ús kavalery nei in tal hurde stoarmoanfallen yn in healoere tiid de hiele fijannelike kavalery omsmiten. Harren ofsieren seagen gjin kâns se wer by inoar yn 'e slach te bringen. Troch de ynspanningen fan 'e Karfoarst Maximiliaan II Emanuel, (karfoarst fan Beieren) foarme him fierderop in soarte fan lynje. Dat pakte goed út, it makke it tebektsjen fan 'e ynfantry aardich makliker; sûnder dy maneuver soe dy folslein ôfsnijd wurden wêze.

Wylst dat kavalerygeffocht oan 'e gong wie, sette ús ynfantry de oanfal yn op it doarp en it boerespul. Twaris bemasteren se dat lêste, mar likefaak waarden se tebekslein. De tredde kears kaam de garde, dy't troch swierrichhe-

den ûnderweis, lykas de oare ynfantry fan 'e lofterflank, net earder nei foaren komme kinnen hie, de tebeksleinen op 'e flank te help. Fan 'e oare kant kaam Sparre moedich Schults en de Denen bystean; syn oanfal wie sa fûl dat de fijannen wieken en de fersterking ferlieten. De troepen yn it doarp, dy't har yn front oanfallen seagen en bedrige fan ús kavalery fan 'e lofterflank, dy't mei de mannemacht yn slachoarder op harren flank tasetten kaam, kearden om en ferlieten it slachfjild mei it geskut. Wy hawwe doe in skoane kâns fersomme om dy ynfantry ferneatigjend te ferslaan. In tal eskadrons krige wol de opdracht om derop los te gean, mar dy woene it net besykje. Oan 'e oare kant woene de generaals neat weagje. Hja ferfolgen de fijannen allinne mar yn goede oarder en gunden harren net de tiid om har op 'e nij op te stellen. De fijân loek ûnderwilens syn troepen sa goed as er koe werom; hy lei de ynfantry yn boskjes en holle wegen del, en dy kearde mei syn fjoer ús kavalery op. Us ynfantry koe sa hurd net meikomme.

Knipperke

By dy efterfolging seach ik wat der't ik my oer besaud haw. Ien fan ús goede kavalery-rezjiminten (dat fan Albemarle) draafde mei guon eskadrons yn 'e efterfolging by ien fan dy lytse boskjes lâns, en waard dêr op in salvo fan 'e fijannen ûnthelle. Dat joech de iene sawol as de oare sa'n klap dat se oerinoar hinne tommelen. De betizing wie sa grut dat in pear eskadrons genôch west hiene om se allegearre yn te meitsjen. Hja foelen sa raar oer my hinne dat ik wurk hie om my derút te rêden. Ofsieren dy't ik deroer geweken naam, skammen har derfoar. Mar hja ferhelten har oars al gau wer.(.....)

De Hartoch, by wa't ik my ophâlde, woe trochstjtte oan Meldert ta, mar wy wiene ús gids kwytrekken, dat wy koene oars neat dwaan as hohâlde en wachtsje oant it dei waard. De Hartoch joech him oer de grûn del om yn syn mantel in knipperke te dwaan. Hy noege my út my dêrop njonken him del te jaan. Dat haw ik dien, in kertierke of sa. Doe't it dei wie, marsearren wy nei Meldert. It wie omtrint middei doe't alle ôfsûnderlike korpsen byinoar yn it kamp kamen. It is suver net te begripen dat de ynfantry sa'n lange mars opbringe kinnen hat; dy mars duorre fan trije oere de moarns fan 'e 23ste oant twa oere de oare deis ta, sûnder te rêsten of te iten. Deselde jûns kaam brea om de earme soldaat op te kwikkerjen. Dy jûns ferstjoerden wy, yn oerienstemming mei de Hartoch, marsoarders (dy hiene wy yn blanko by ús, mei de hântekening fan ús masters derûnder) oan sa'n 20 ynfantry-rezjiminten om op mars te gean; allyksa oarders om de artillary yn Maastricht ree te hâlden.'

De gouden zweep

Gieneke Arnolli

In september 1996 ging de verfilming van Abe Brouwer's roman 'De Gouden Swipe' uit 1941, geregisseerd en geproduceerd door Steven de Jong - die ook een van de hoofdrollen speelde - eindelijk in première. Boek en film vertellen het verhaal van boer Douwe Ates Wallinga, die in zijn hartstocht om een wedstrijd met als prijs 'De Gouden Zweep' te winnen zijn bedrijf en zijn echtgenote min of meer verspeelt. Brouwer's roman is nog steeds een van de meestgelezen Friese boeken. Mede daardoor blijft een wedstrijd om De Gouden Zweep tot de verbeelding spreken.

Te goed om mee te doen

Zaterdag 12 april 1995 vond op Lindetrek, het paardensportcentrum in Wolvega 'De Gouden Swipe Dei' plaats. Het boordevolle, twaalf koersen tellende, programma bood onder meer een 'Gouden Swipe draverij' anno 1928 met Douwe en Ate Wallinga om de echte Gouden Zweep'. De week na de draverij meldten de kranten dat de winnaar van de Gouden Zweep deze terug moest geven omdat hij ten onrechte met zijn paard Marino had gereden. Mondeling was namelijk afgesproken dat er zou worden gestart met dravers tot een winsom van f 15.000,-. Marino had evenwel aanzienlijk meer verdiend. Iets dergelijks overkwam Sake Meintes Visser uit Akkrum zo'n honderdvijftig jaar geleden. Op 13 september 1842 meldde de Leeuwarder Courant dat het Visser 'wegens de veelvuldige door hem gewonnen prijzen niet meer geoorloofd was in de provinciën Friesland en Groningen op de gewone wedlopen mee te draven.'

Legaat

Mejuffrouw S. van der Vegt uit Akkrum legateerde in 1926 aan het Fries Museum een schitterende collectie harddraversprijzen. Volgens overlevering zijn al deze prijzen, een collectie zilveren voorwerpen, paardehoofdstellen en maar liefst 44 gouden en zilveren zwepen, gewonnen door bovengenoemde Sake Meintes Visser. Gericht onderzoek heeft er echter nooit naar plaatsgevonden. De hele collectie was altijd tentoongesteld, in een kast op de bovenste verdieping van het Eysingahuis in het Fries Museum. Een overweldigende hoeveelheid, waardoor de bijzondere

